

En mei elkoar hiene hja wakker wille!

Yn 1917 moasten hja fan de dokter nei Nederlân werom. It lytse famke wie deadlik siik west en doe wie dat het befel fan de dokter. Hja like wer soûn. Mar 't soe wer komme sei de man. Hy wist wol dat Dútsklân, belaagd wurde ek troch in ernstige milieu-fersmoarging, die 't folle slachtoffers makke. Grut en lyts, âld en jong. En sa giene ek Kimme en Siete mei de beide bern, foargoed nei Hollân werom. Het Ruhrgebiet efter harren littend. Wer't hja lokkich west hiene. Wer't hja, die beide bern dope litten hiene. Yn de Lutherse Evangelische Kirche. No sieten hja yn 'e wachtkeamer to wachtsjen op harren train.

Hwet duorre dat lang foar't hja 't útreis-visum krigen. Der waard hwet omroppen yn 't grutte lokaal wer't de reizgers sieten. 't Boadskip hâlde yn, dat de train op 'e grens stean bleau. Schrik en consternaesje roun om. Tryste gesichten, stil skriemende minsken.

It lytse minske, Agneske, fan Kim en Siete, seach 't er es yn skofke oan. Hja seach fan "Moetie" nei de oare minsken. Der skeat er har hwet troch it lytse kopke. Foar 't heit en mem, 't foarkomme koene stapte hja rjucht ut nei de grutte tafel wer't de mannen sieten, yn 't habyt.

Mem miste har en heit hie wol sjoen hwet er barde... Hy sei: "wachtsje efkes! Es sjen hwet hja dêr docht!" Dat lytse mûltsje dat snettert mar. Hy gie d'r es by stean, om to sjen as hja wol 't goede paed naam werom. Doe giene de m'n hearen stean en pjut joech harren allegear in hântsje... Har reade kleur ljochte fleurich op. Mar hwet barde d'r no? Der waard sein: "alle minsken moasten, har 'n reis-visum mar ophelje."

De train gie no, nog in kear oer de grens. In man, mei in freunlik antlit, brocht het lytse famke by heit en mem en joech ek harren het frij biljet. Mem en heit wierne bliid dat har lytse famke d'r wer wie en mei har yn fjouweren giene hja foar 't lêst oer de greenzen. Nei Fryslân.

Heit en mem dienen de hannen gear, de beide berntsjes, sloegen yn kruske. Dat hiene hja leart fan Agneske en Tecla en fan Ilse, de buorrebarne. 't Wie better waar as de foarige reis, inkele moanen earder.

Uitleg:

*In 1917 moesten **Kimme (Beppe Minke)** en **Siete (Pake Samme)** op advies van de dokter met hun kinderen **Agneske (Beppe Lenie)** en Willy voorgoed terug naar Nederland, omdat Agneske ernstig ziek was geweest. Op het station in Duitsland wachten ze lang op hun uitreisvisum, terwijl onder de reizigers spanning en verdriet heerst. Dan stapt de kleine Agneske onbevungen op de douaneheren af en geeft iedereen een handje, waarna onverwacht de visa worden vrijgegeven. Zo kan het gezin alsnog vertrekken en reizen ze opgelucht naar Fryslân terug.*